

MISSALE PARVUM

DE EUCHARISTYFIERING FAN DE TSJERKE FAN ROME YN DE
FRYSKE TAAL
Ordinarium

IEPENINGSRITUS

YNTOCHTSLIET

Groet

Krústeken: Yn de namme fan de Heit en de Soan en de Hillige Geast.

Allegearre: AMEN.

De genede fan ús Hear Jezus Kristus, de leafde fan God en de mienskip fan de Hillige Geast, wês mei jimme allegearre.

EN MEI JO GEAST.

Boeteritus (stilte)

Pr.: Mei de Almachtige God Him oer ús ûntfermje, ús, ús sûnden ferjaan en ús liede ta it ivige libben.

AMEN.

KYRIE EN GLORIA

IT GEBED

Amen.

DE TSJINST FAN IT WURD

Lêzing

Sa sprekt de Hear.

WY TANKJE GOD.

Lêzing...

Sa sprekt de Hear.

WY TANKJE GOD.

(We geane stean foar it Alleluia en it Evangeelje.)

IT HILLICH EVANGEELJE.

de Hear wês mei jimme.
EN MEI JO GEAST.

Ut it Hillich Evangeelje fan ús Hear Jezus Kristus neffens
LOF OAN JO KRISTUS.

Lêzing sa sprekt de Hear.
WY TANKJE GOD.

DE OERTINKING.

CREDO;

BELIDENIS FAN US LEAUWE.
(Stean)

Ik leau yn God de Heit, de almachtige,
Skepper fan himel en ierde. ús Hear.
Dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,
Berne út de faam Marije.
Dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,
Krusige, stoarn en begroeven is,
Deltein yn it deaderyk.
De tredde deis wer opstien is fan de deaden
Opfearn nei de himel
En no sit oan de rjochterhân fan God,
de almachtige Heit.
Der't er weikomme sil om te oardieljen
de libbenen en de deaden.
Ik leau yn de Hillige Geast:
De hillige Katolike Tsjerke
De mienskip fan de hilligen;
De ferjouwing fan de sûnden,
De ferrizenis fan it lichem
En it ivige libben.
AMEN.

FOARBEA:
Oprop troch de pryster.
Yntinsjes troch de lêzer:

akklamaasje: Heare, ús God, wy bidde Jo ferhear ús.
Afslútend gebed troch de pryster.

Gebed oer de jeften:
All. Amen.

Kollekte

Offertorium (Liet by it reemeitsjen fan de jeften)

DE TSJINST FAN DE TAFEL

Pryster:
Bid bruorren en susters
dat myn en jimme offer
oannommen wurde mei
troch God de almachtige Heit.

Folk:
Mei de Hear jo offer oannimme
ta lof en eare fan syn Namme
en ta wolwêzen fan us en hiel syn Hillige Tsjerke.

EUCCHARISTYSK GEBED OF HEECHGEBED
Prefaasje: (stean)

De Hear wês mei jimme
EN MEI JO GEAST.
De herten heech.
WY HAWWE US HERT BY DE HEAR
Bringe wy tank oan de Hear, ús God
HY IS US TANKBERENS WEARDICH.

SANCTUS

Nei it heechst fan de Misse:

Ferkundigje wy dan it geheimnis fan ús leauwe:

CHRISTUS STOAR,
HIJ FERRIISGE;
CHRISTUS KOMT WEROM.

Lofprizing nei it Heechgebed:

Troch Him en mei Him en yn Him
sil Jo namme priizge wêze.
Hear, ús God, almachtige Heit.
Yn de ienheid fan de Hillige Geast hjir en hjoed
en oant yn ivichheid.
AMEN.

IT MEIOANGEAN

It 'US HEIT'

**Us Heit yn `e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn `e himel.
Jou ûs hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan de kweade.**

Embolisme

**Want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oan't yn ivichheid.
Amen.**

Fredesgebed en fredeswinsk

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.
EN MEI JO GEAST.

Winskje elkoar dan de frede ta!

FREDE FOAR DY, - JO,

AGNUS DEI

Sillich dyjingen dy't nûge binne ta it gastmiel fan de Hear.
Sjoch it Laam fan God, dat weinimt de sûnden fan de wrâld.

Hear ik bin net weardich dat jo ta my komme
mar sprek en ik sil sûn wurde.

Liet ta it mei-oangean.

SLOTTRITUS

(steande)

Slotgebed

Seine en Sinding

Mei jimme dan seinigje
de Almachtige en Barmhertige God:
Heit, Soan en Hillige Geast .

Amen.

Slotliet.